

Kennis fan en ynsjoch yn . . . (1)

doelen, ynhâlden, middels en toetsing fan it literatuerûnderrjocht by de AFUK

S.T. Hiemstra

1 Ynlieding

Yn dit artikel steane ferskillende fasetten fan it literatuerûnderrjocht by de AFUK sintraal. De klam leit dêrby op de doelen, de learynhâlden en it hifkjen.

De AFUK hat al in frij lange tradysje fan literatuerûnderwiis. Nei alle wierskyn sil it omtinken foar de Fryske skriftekennisse yn 1911 út ein set wêze ûnder ferantwurdlikens fan it 'Ald Selskip'. Yn dat jier wurdt it inisjatyf nommen ta in akte-oplieding Frysk foar learkrêften. It earste eksamen dêrfoar wie yn 1915. Nei de oprjochting fan de AFUK yn 1928 is de oplieding nei dy nije ynstelling oergongen.

Dêrnjonken sil koart nei 1937, yn it ramt fan de folk- en geakursussen, omtinken jûn wêze oan de Fryske skriftekennisse.

It is grif ek net tafallich dat fan Douwe Kalma syn karlêzing *Wy roppe de libbenen* yn 1938 it foarste dieltsje ferskynt. Yn de oarlochsjierrren is de literatuer in ûnderdiel fan de leargong foar it Fryslân Diploma B, doe noch gjin AFUK-kursus.

As yn lettere jierren de oplieding en it eksamen foar it B-diploma in saak wurdt fan de AFUK, binne it dy beide fronten (Akte en B-oplieding) dy't de Friezen neier yn 'e kunde bringe mei de Fryske literatuer.

2 Doelen en ynhâlden fan literatuer

Foar beide opliedings (leargong B en de Akte) hawwe wy it jierrenlang dwaan moatten sûnder útwurke learplannen. Fansels, der wiene boekjes en lessen (ynhâlden) en der wiene eksamens (evaluasjonfoarmen), mar dan hold it ek wol op. Hoe't de relaasje tusken dy beide aspekten lei, dêr is it measte net fan bekend.

Wat ús foarfaars foar eagen stie, moatte wy benammen helje út de oerlevere learmiddels en oare letterkundige boarnen. In aardich oersjoch fan wat der foar de oarloch wie, jout de *Catalogus der Friesche taal en letterkunde en overige Friesche geschriften* (Ljouwert, 1941, s. 264-267) fan de Provinsjale Bibleteek fan Fryslân.

2.1 Douwe Kalma

De doelstelling fan Kalma syn ynlieding ta de Fryske skriftekennisse *Wy roppe de libbenen* wurdt omskreaun as 'bigryp to jaen fen de ynhâlden en de ûntjowing fen ús Fryske skriftekennisse' (1938, foarwird).

Njonken syn *Wy roppe de libbenen* (dl. I, 1938, dl. II, 1941) moatte fansels ek neamd wurde syn trije dielen *De Fryske Skriftekennisse fen. 1876-1897* (1939), 1897-1925 (dl. I, 1928; dl. II, 1931). Dêryn omskriuwt er wat him foar eagen stiet: 'It wird skriftekennisse is hjir dos, lyk as it Ingelske wird 'literature', mear nommen yn syn nasjonale as yn syn aestetyske sin. As stúdzjestof is keazen de skriftlike utering dy't fen bilang west hat yn de ûntjowing fen it geastlik libben



Douwe Kalma

foto: FLMD

yn Fryslân. It aestetyske falt hjir fensels ûnder, mar is net behearskjend. It doel fen dit wirk en fen de dielen dy't hjirby oanslute scille, is dos net in bigryp to jaen oer de groei en bloei fen ien kinst yn Fryslân, mar fen it geastlik libben en de geastlike skepping fen it Fryske folk yn safier't dy hjar utere hawwe yn eigen sprake.

Dit ynsafier wiist op in great tokoart fen de Fryske skriftekennisse. Hja hearde it hiele geastlik libben fen it Fryske folk to iepenbierjen; hja docht dit mar for in diel' (dl. I, 1928, Forantwirding). Dy karlêzing ferskilt nochal fan eardere samlingen fan Kalma syn hân, lykas *It Sjongende Fryslân* (1917) en *De nije*

moarn (1922), dêr't it estetyske folle mear liedeand yn west hat en dêr't allinnich de poëzije yn fertsjintwurdige is.

Foar leargongen sil gauris gebrûk makke wêze fan Kalma syn *Haedsaken Fryske Skriftekennisse, in oersjoch yn 12 lessen* (1948, ek ferskynd as oersjoch yn tsien lessen). Yn it foarwurd skriuwt Kalma: 'Lyts 30 jier lyn, yn 1920, kaem de foarste gearfetting fen haedsaken op it stik fan Fryske skiednis en skriftekennisse, myn 'Paedwizer', yn it ljocht. De, nou útforkofte, 'Nije Paedwizer' fen 1939 bihanle deselde stof mear yn fragen en punten as yn meidielende foarm.

Nou folge hjirby, nêst de 'Haedsaken Fryske Skiednis', de 'Haedsaken Fryske Skriftekennisse'; lyk as al de eardere boekjes, is ek dit út de praktyk fen de leargongen, en neffens it forlet dêrfen ûntstien.'

2.2 Ynstitút Fryslân

Fan grutte betsjutting hawwe ek west de literatuerlessen fan it yn 'e oarloch (1942 neffens Sj. van der Schaaf syn *Skiednis fan de Fryske Biweging*, s. 383, en 1943 neffens de *Encyclopedie van Friesland*) troch de ûnderwizer Enne Wijga en de sjoernalist Doede Nieuwenhuis oprjochte *Ynstitút Fryslân*, dat skriftlike leargongen fersoarge. Dat ynstitút hat foar literatuer in leargong C, dy't yn sa'n 26 lessen in oersjoch jout fan de hiele Fryske literatuer, en in (fuortsette) leargong E mei 53 lessen.

2.2.1 Leargong C en E (Wijga)

Leargong C jout in koart oersjoch fan de skiednis fan ús taal en jout fierders oan in oersjoch fan tiidrekken, skriuwers en dichters. It gong de gearstalders, sa skriuwe se sels, mear om de geast fan in tiidrek en de betsjutting fan de skriuwers en dichters as om de opsomming fan alle wurk. Se neame dan ek allinnich de karakteristike wurken en de betsjutting dêrfan foar it Fryske folk (Leargong C, Skriftekennisse, les I). Yn Leargong E giet it almeast om tiidgenoaten fan de gearstalders. Se besykje it wurk fan de Fryske skriuwer safolle mooglik gear te fetsjen en it karakteristike dêrfan oan te jaan. Net elts boek wurdt hifke: 'Alles wat ús wichtich taliket sil efkes op it aljemint komme. Dêrby sil ek hwat forteld

ferfolch op side 10

wurde oer it libben fan 'e skriuwers en, foar sa fier dit op har wurk dúdlik fan ynfloed west hat, it formidden dêr't hja yn forkeard ha of noch yn forkeare. Gâns bisûnderheden hawwe de skriuwers ús, as wy dêrom fregen, sels trochdien en wy binne dêr tige tankber foar. (. . .) Wy sille bisykje earlik ús oardiel to sizzen as der wurk fan in skriuwer skôge wurde moat. Op it foarste plak sille wy sykje nei it goede en it moaije yn it wurk, mar as der neffens ús swakke kanten binne, sille wy dy net swije. It hat bliken dien, dat de Fryske literatuer troch earlike kritek woun hat. Us learmasters op dit gebiet, *J.J. Hof* en *E.B. Folkertsma* hawwe der bygelyks troch skerpe skôgingen ta bydroegen, dat de Fryske skriuwers heger bigounen to easkjen. Ek - wy soene hast skriuwe kinne: sels - in skriftkundige as *dr. D. Kalma*, dy't dochs tige iensdich en persoanlik wêze koe, bynammen yn syn earste jierren, hat in goede ynfloed hawn op de ûntjowing fan party skriuwers. (. . .) Bynammen yn ús heitelân, dêr't men de goede skriuwers omtrint op 'e fingers fan 'e beide hannen telle kin, moat men hoeden wêze mei kritek en it wurk fan in folksskriuwer net skôgje yn it ramt fan 'e wrâldliteratuer' (Leargong E, les 1).

Yn leargong E komt, njonken it karakter dat de literêre kritek hawwe moat, ek it lêzen fan fersen, de fersbou, metryske oersettings út oare talen en it folkstoaniel (oant ± 1950) op it aljemint.

Fierwei it meast út dy losse, stinsele lessen is letterlik terjochte kommen yn it stinsele boekje *Fryske Skriftekennisse foar Leargongen en Selsstúdzje* (Ljouwert, De Terp [T. Beintema] s.j. [± 1960?], dat ek noch omtinken jout oan de toanielskriuwers út it tiidrek 1950-1960. It begryp Fryske skriftekennisse wurdt koartwei definiearre as: 'Hwat yn it Frysk skreaun ús in gefoel fan moaijens, fan skientme jowt' (Ynlieding).

Wy kinne der hast wol wis fan wêze dat it lesmateriaal fan Kalma, Wijga-Nieuwenhuis-Beintema troch hiel wat AFUK-kursisten foar B en de Akte brûkt wêze sil.

2.2.2 Opliedingsleargong foar de Akte Frysk (Boersma)

Foar it literatuerûnderrjocht liket my ek tige fan belang J. Boersma syn *Opliedingsleargong foar de Akte Frysk L.O.* (Ljouwert, Ynstitút Fryslân), dêr't ik sels de 3de printinge fan 1964 fan haw, dy't ik brûke moast foar de (skriftlike) kursus Frysk L.O. Boersma hie efteryn dat akteboek yn 14 lessen eksamenfragen oer J. Piebenga syn *Koarte Skiednis fan de Fryske Skriftekennisse* (Drachten, 1957, 2de útweide printinge) opnom-



Jan Tjittes Piebenga foto: FLMD

men, in boek dêr't de earste printinge yn 1938 fan ferskynd wie. Ek in boek dat ûntstien is yn de praktyk fan lesjaan en foarljochting. It doel dat Piebenga dêrby foar eagen hat, is: 'safolle leafde foar ús skriftekennisse by de lêzer wekker to meitsjen, dat er alderearst grypt nei de wurken fan de bisprutsen skriuwers sels, en dat er dêr fierder yn wiidweidiger boeken jit mear oer neisykje wol, om sa njonkenlytsen sels ta in eigen mening te kommen. (. . .) Hjir folget út, dat de skriuwer bisocht hat oanienwei in dimmene, earbiedige hâlding foar dit ús mienskiplik bisit oer, oan to nimmen en to biwarjen: ek as der kritek jown wurdt, hopet er dat de forantwurdlikens foar ús nasjonale eare dêr as bliuwende grontoan by heard wurde mei.' (By de earste

printinge). Piebenga hat syn boek û.o. opdroegen oan dr. G.A. Wumkes, dy't mei syn wurk grutte ynfloed hân hat op Piebenga.

Wumkes hat in oare opfetting fan Fryske skriftekennisse as Kalma. By Kalma omfettet Fryske skriftekennisse 'alles hwat der yn it Frysk skreaun is'. Yn ingere sin giet it Kalma om de skriftlike utering dy't fan bliuwend belang is 'út reden fen hokfoar fortsjinste.' Yn noch ingere sin tinkt Kalma oan de skriftlike utering dy't fan belang bleaun is 'út reden fen har kinstwearde'.

Kalma kiest út praktyske reden foar de utering fan bliuwend belang; hy nimt it begryp skriftekennisse, letterkunde of literatuer mear yn nasjonale as yn estetyske sin. Wumkes wol de grinzen noch wider lûke. Dy rekkenet ta de Fryske skriftekennisse 'alle letterwurk fan Great-Fryslân, dêr't it Frysk-eigene yn útkomt'. By Wumkes is net de taal, mar de sfear, de geast it kritearium. De taal is net primêr, gjin doel, mar middel, de draachster fan fielings en tinszen. Piebenga slút tichter by Kalma oan as by Wumkes. Hy skriuwt dat ta de Fryske skriftekennisse yn it bysûnder dy wurken hearre 'dy't net gau ferâlderje sille, dy't fan nije generaesjes hyltyd wer lêzen, wurdearre en mei mear of minder muoite geniete wurde kinne en dy't yn it Frysk skreaun binne' (. . .) 'Mar ek moatte der by rekkene wurde yn it algemien dy wurken, dy't as oanfoljend en forklearjend materiaal fral kultuerhistoarysk fan bitsjutting binne en dêr't dúdlik in persoanlikheit efter stiet' (1957, 7-9).

De metodyk dy't Boersma brûkt is dy fan de skriftlike fragen, dy't beândere wurde moatte. Fierwei it wichtichste foar dit fak neamt er lykwols de boekelist 'dêr't wurken op stean, dy't wy lêzen hawwe. Dy list moat op syn minst tsien wurken bifetsje, fansels leaver inkelde mear! Wy sille alle war dwaen moatte om dy list sekuer gear te stallen. Sjoch dus goed, hoe't de titel op it boek oanjown is en set de namme fan de skriuwer der sa op lykas dy op 'e titelpagina oanjown is. Forjit ek net hokker printinge it is, of as it de earste printinge is, it jier fan forskinen. Dan moat der hwat fari-aesje yn 'e list sitte. Dus net alles út 'e selde tiid en net tofolle fan ien genre. Hwat dat lêste oangiet, kin men bygelyks

nimme: 8 proazawurken, 4 dichtbondels, 3 toanielstikken.

Der kinne ek inkelde wurken minder op, mar yn alle gefallen riede wy tige oan om net to lang to wachtsjen mei it gearstalten fan de literatuerlist. Nei oanlieding fan dy list wurdt op it eksamen frege.' (1964³, s. 97).

Oant djip yn de jierren '70 sil Boersma de liedsman west hawwe fan hiel wat Akte-kandidaten. As syn *Opliedingsleargong*, benammen wat it fak didaktyk oanbelanget, ferâldere is, wurdt dy opfolge troch in AFUK-útjefte. AFUK-meiwurker Adam Zantema stalt in *Oplieding ta de akte Frysk* (Ljouwert, 1977) gear.

2.3 AFUK

2.3.1 Oplieding foar de Akte Frysk (Zantema)

Adam Zantema jout de Akte-kursist foar skriftekennisse de neikommende goerie: 'It is in goed ding en wachtsje net te lang mei it lêzen fan goede Fryske boeken. Krij der dan in skrift by en skriu de wichtichste dingen op. Jo krije sa in koarte gearfetting fan it hiele boek. In skoftke foar it eksamen lêze jo allinne



Foto: argyf AFUK

Adam Zantema

dat noch ris oer en jo witte it hiele boek wer. *Lês kritysk*. Wat jo net sinniget, foaral ek opskriuwe.

Tink om 'e tiid, dêr't it boek yn skreaun is. Wat soe de skriuwer dreaun ha om te skriuwen? Fergelykje de skriuwer mei oaren. Lit ús begjinne mei de bruorren Halbertsma' (s. 19).

Lykas by Boersma binne it de fragen oer sa'n fjirtjin skriuwers (wat, wa, wêr, wannear, hoe, neam, fertel wat . . .) dy't it learproses by de kandidaat sa besykje te strukturearjen dat der sokssawat ûntstiet as *kennis fan en ynsjoch yn*. It wêrom en it belang fan dy fragen is lang net altyd dúdlik. Der is noch gjin fêst frageskema.

De grûnslach foar de kennis fan skriuwer en wurk wurdt no foarme troch de losblêdige rige literatuerlessen *Tekst en Utiliz(Utlis)*, dy't sûnt 1970 útjûn wurde troch de AFUK.

Zantema syn akteboek hat sa'n tsien jier lang de basis west foar it literatuerûnderrjocht by de aktekandidaten. Wat der allegearre omhinne dien is troch de ûnderskate dosinten foar de oplieding foar de Akte Frysk L.U. en de AFUK-akte is my net folle fan bekend. Ek net dat de oplieders meiïnoar geregeld kontakt hiene oer it literatuerûnderwiis. Soks hie in begjin wêze kinnen fan in learplandiskusje dêroer.

2.3.2 Akteboek I en II (Eisma)

By de AFUK is sûnt myn ynlieding oer *In oare opset fan it AFUK-kursuswurk* (8 maaie 1988) it learplantinken goed op gong kommen, û.o. troch it ynstellen fan in learplangroep (1988), dy't koartlyn it *Afûk-learplan 1990 en fierder* yn it ljocht brocht hat (ein 1990). Yn dat learplan wurdt keazen foar in modulêre opset fan de kursussen fanwegen de foardielen fan in dúdliker 'organisaasje' fan de learstof en it better betsjenje kinnen fan spesifike ferletten. Foar it literatuerpart fan de B- en de C-kursus wurdt in omskriuwing jûn fan begjinsituasje-doelen (kennen, kinnen en wollen), wylst der sûnt koart (maart 1991) ek konsept-omskriuwings binne foar de Akte-oplieding. Dat learplan foarmet it útgangspunt foar de kursussen- en learmiddelûntwikkeling yn 'e heine takomst.

Underwilens moat it AFUK-wurk foar de koarte termyn ek foarm krije. Foar gâns praktyske aspekten dêrfan riede wurkgroepen. Der hat in wurkgroep west foar net-Frysktaligen (1987?-1990 en der binne noch wurkgroepen foar Leargong A (1988-) en foar B/C (1988-). By dy lêste wurkgroep komt geregeldwei ek de literatuer op it aljemint. Datselde jildt foar de wurkgroep Akte-oplieding, dy't

al langer aktyf is (1984-). Yn dy lêste wurkgroep is de grûnslach lein foar D. Eisma syn *Akteboek I* (Ljouwert, AFUK, 1987), dat de opfolger waard fan Zantema syn *Oplieding ta de akte*. Yn dy wurkgroep binne doelen foar de ûnderskate ûnderdielen formulearre en dêr is fêststeld hokker middels brûkt wurde moatte om dy doelen te berikken. Omdat de AFUK-akte ûnderwilens in twajierrige oplieding wurden is, ferskynt al moai gau ek Akteboek II (1988). Yn beide boeken wurde foar de literatuerskiednis de mear algemiene en mear spesifike literêre doelen oanjûn (Bylage 2, s. 7-14). It earste skift doelen wurdt sa omskreaun:

1. Oanjaan kinne op grûn fan hokker skaaimerken it wurk fan ûndersteande skriuwers ta in beskate literêre streaming rekkene wurde moat. Benammen fan it wurk dat op 'e eksamenlist stiet, moat dat dúdlik makke wurde kinne.
2. Ynformaasje oer it libben fan in skriuwer yn ferbân bringe kinne mei it lêzen wurk.
3. De wichtichste personaazjes út it lêzen wurk (roman, drama) koart karakterisearje en har ûnderlinge relaasjes oanjaan kinne.
4. It sintrale tema (de sintrale tema's) fan in wurk (roman, drama) yn in pear wurden oanjaan kinne.
5. In motivearre oardiel jaan kinne oer it lêzen wurk en dat (eventueel) ferlykje mei hoe't it by kritisy en/of publyk ûntfongen is (as dêr ynformaasje oer is) (Bylage 2, s. 7-8).

Fan de measte streamings en perioaden moatte skaaimerken neamd wurde kinne: Romantyk, Realisme, Naturalisme, Nije Romantyk, Jongfryske Beweging, de mids-tritigers, skriuwers fan nei 1945, prozafernijing yn de jierren '60 en skriuwers en dichters fan de jierren '70. Foar proaza, poëzije en drama is yn doelstellings oanjûn hokker literêre begripen de Akte-kursist kenne moat en brûke kinne moat yn ferbân mei it lêzen wurk.

Boppedat moat de kursist de wichtichste literêre tydskriften neame en yn de tiid pleatse kinne en de hjoeddeiske tydskriften koart karakterisearje kinne.

Ferplichte binne allinnich de lessen fan

ferfolch op side 12

Tekst & Utlis dy't hearre by de skriuwers dy't de minsken op de list hawwe en de lessen oer Rjochtingen en Streamingen, it Aldfrysk en Gysbert Japicx (Bylage 2, s. 13). Ut de opdrachten yn it Akteboek



Klaes Dykstra

foto: FLMD

docht bliken dat dochs ek it *Lyts hânboek fan de fryske literatuer* fan K. Dykstra (Ljouwert, 1977) ta de basisstof rekkene wurde moat. Geregeldwei moatte dêr stikken út bestudearre wurde.

Klaes Dykstra syn boek kin beskôge wurde as de opfolger fan Jan Tjittes Piebenga syn *Koarte Skiednis fan de Fryske Skriftekennisse* (1957²), in boek dêr't Dykstra fan seit dat it bliken joech fan in ferbjusterjende belêzenheid fan Piebenga, in boek dat in betroubere paadwizer wie, mar dêr't ek wol beswieren tsjin oanfierd waarden. It soe folle mear de literêre 'boddere' beljochtsje as har wurk. Boppedat hie by it ferskinen de jongste literatuer net earlik in folweardich plak taskikt krige. En op it stik fan de feiten rûn it wolris net hielendal lyk.

Dykstra seit dat syn *Lyts hânboek* net yn ferbân brocht wurde mei de *Koarte Skiednis*; folle mienskipliks is der net, al hat it op plakken wol ynfloed hân. Dykstra definiearret Fryske literatuer as 'dy samling fan dokuminten dy't de muoite fan it biwarjen en hieltyd op 'en nij lêzen en forstean wurdich is en dêr't de Fryske tael it materiael foar levere hat. It binne mei oare wurden dy teksten yn it Frysk dy't om hokfoar fortsjinsten fan bliuwend bilang binne, in rige teksten dêr't sadwaende yn bigjinsel ek

de algemien literaire mjitstêven op ta te passen binne, en dêr't wetten fan ûntjowing en (foarm) foaroaring yn to ûntdeken wêze sille: fan groei en bloei, fan neibloei en nije groei, spiegel fan tinzen dy't foarmen sykje, fine en forsmite, om yn oare foarm wer in nije harmonij to bistribjen' (s. 8-9).

Dykstra foeget dêr oan ta dat de algemien-literêre mjitstêven net altyd strang tapast wurde, omdat it Frysk troch de iuwen hinne de taal fan in minmachtich folk west hat. In taal dy't yn it skaad fan oare talen waakse moast, sadat de skriuwtradysje mar min har 'forhevener' foarmen fine koe. Dy skea fan it ferline sil (wêr't dat noch kin) net maklik yn te heljen wêze: 'Sa sil hwat iepen-tearde yn 'e ûnderwâl altyd mei bigryp lêzen en hifke wurde moatte' (s. 10).



it *Lyts hânboek*

Mei dat lêste stimt Dykstra oerien mei Piebenga, dy't syn wurdarrings-epiteta yn alle betreklikens ek slaan lit op dy Fryske ferhâldings.

Yn it Akteboek sels jout Eisma gauris noch oanfoljende en nije ynformaasje. Ynformaasje dy't yn *Tekst & Utlis* en it *Lyts hânboek* net te finen is en ôfkomstich út in ferskaat fan boarnen, mar benammen basearre op krantekritiken. Oan te befeljen sekundêre of eftergrûnliteratuer foar proaza, poëzij, toaniel en tydskriften is opnommen. It Akteboek fan Eisma jout folle dúdliker as syn foargongers oan hoe't de uterlike fersoaring, de swierte en ferdieling fan de boekelist wêze moat; in list dy't op syn minst 25 titels befetsje moat (bylage 2, s. 13-14).

Hoewol't de saak yn beweging is, wie de situaasje oant foar koart sa dat foar it B-eksamen 10 en foar it akte-eksamen 25

ferskillende skriuwers op 'e list stean moasten, neffens de neikommende ferdieling:

— tiidrek 1800-1915: op syn minst 2(B) of 5(Akte)

— tiidrek 1915-1945: op syn minst 2(B) of 5(Akte)

— nei 1945: op syn minst 4(B) of 10(Akte)

De ferdieling oer de sjenres hâldt yn dat de list op syn minst befettet:

— toanielstikken: 1(B) of 2(Akte);

— bondels koarte ferhalen: 1(B) of 3(Akte);

— fersbondels: 1(B) of 3(Akte);

— romans: 5(B) of 10(Akte) dêr't ek in novelle en/of jongereinboek ûnder falle kin.

Der is neat fêstlein oer de literêre kwaliteit fan 'e wurken op 'e list. Der wurdt allinnich ferwiisd nei Jongsma syn list mei *Nijfryske skriuwers en harren wurk* (Ljouwert, AFUK, 1985), dêr't nedich ris in bywurke nije printinge fan ferskine moast! It is ek oan te rieden dy list op te nimmen yn it wurk fan Eisma.

2.4 Hoe komt it aanst?

Op 14 desimber 1990 stelt it Algemien Bestjoer fan de AFUK in nij reglemint Fryslân-diploma's fêst, dêr't njonken de B-kursus ek in C-kursus neamd wurdt. Dat betsjut dat der fan A nei de Akte in bettere opbou en ferdieling fan de learstof mooglik is. It C-diploma kin no allinnich helle wurde as de kandidaat it B-diploma al hat.

Op dit stuit is der ien eksamenreglemint foar alle opliedings (foar Fryslân-diploma's en Akte) en mei ien eksamen-kommisje, sadat de skieding dy't der fòar 1970 needsaaklik wêze moast (Ynstitút Fryslân), 20 jier nei data net mear bestiet.

Wat de kennis fan en ynsjoch yn de literatuer oangiet, is de nije situaasje sa:

1. Leargong B:

a. globale kennis fan en globaal ynsjoch yn de Fryske literatuer fan nei 1945;

b. fan op syn minst tsien ûnderskate skriuwers in boek lêzen hawwe dat foar it earst nei 1945 publisearre is.

2. Leargong C:

a. globale kennis fan en globaal ynsjoch yn de Fryske literatuer fan 1800-1945;

b. fan op syn minst tsien ûnderskate skriuwers in boek lêzen hawwe dat tusken 1800 en 1945 foar it earst útjûn is.

3. Akte-oplieding:

Kennis fan en ynsjoch yn de Fryske literatuer, mei nei oanlieding fan in troch de kandidaat yn te tsjinjen list mei boeken dy't er foar B en C lêzen hat en op syn minst fiif oare wurken fan ferskillende skriuwers, dêr't by de literatuerlist in útwurke lêsferslach (= boekanalyse) fan ynlevere wurdt.

B, C en Akte binne dus in gearhingjend gehiel en men moat earst it B- en C-diploma hawwe om oan it Akte-eksamen meidwaan te kinnen.

Foar dy nije situaasje is op grûn fan ôfspraken yn de wurkgroep B/C/Akte it *B-boek* (1990) en it *C-boek* (1990) gearstald.

Dat it by B giet om de literatuer fan nei 1945 bliuwt sa. Ien fan de swierrichheden is dat it *Lyts hânboek* mar oant 1977 ta giet en *Tekst & Utlis* lang net fan alle skriuwers in les hat. Dat gat is safolle mooglik opfolle troch hiel wat ynformaasje út it Akteboek II (it twadde en lêste Akte-jier) nei it *B-boek* oer te heveljen. De ynformaasje oer de Nijfryske literatuer fan likernôch 1820-1945 is fan *Akteboek I* (earste Aktejier) nei it *C-boek* oerbrocht. Hokker doelen der jilde foar poëzij en drama is noch net oanjûn yn de beide nije kursusboeken. Dêr moat de B/C-wurkgroep noch oer gear. Foar de analyse fan proaza leit dat oars, sûnt dêr in aparte lesjouwersgearkomste (13-2-'91) oan wijd is. Utgongspunt foar in bettere planmjittige oanpak wiene de beide artikels fan Eisma en my yn *De Pompeblêden* 'Hoe analysearje ik in roman, novelle of ferhaal?' (61(1990) 6, s. 3-5; 62(1991) 1, s. 6-11), benammen de fragelist dêrút (nû. 6(1990), s. 3-4). Fan alle fragen is troch de lesjouwers oanjûn op hokker nivo (B, C of Akte) oft dy oan 'e oarder komme kinne en meie.

Dy plenningsdiskusje levere it neikommende op:

1. boekbeskriuwing: B, C, Akte
2. gearfetting ynhâld: B, C, Akte
3. fertelsituaasje: B (mar dan ienfâldiger), C, Akte
4. tiid: B, C, Akte
5. romte: B, C, Akte
6. personaazjes: B, C, Akte

7. tematyk: B (allinnich fraach 19: titelferklearring; ferbân titel en tema), C, Akte

8. styl: Akte

9. literatuerskiednis: B (allinnich fraach 26: skriuwer en wurk), C (allinnich fraach 26, 27 (streaming), 28 (eftergrûnliteratuer), Akte

10. wurdearring: Akte

Foar de Akte-oplieding moatte de kandidaten ek bestudearje: T. Riemersma, 'Omgean mei literatuer'.

Op dy wize wurdt dúdlik wat der fan de kursist, de kursuslimier en de eksaminator ferwachte wurde mei.

Ut it foargeande soe dúdlik wurde kinne dat de diskusje om it kursuswurkplan hinne hieltyd better op gong begjint te kommen en dat de ôfstimmingsproblemen tusken de nivo's en tusken AFUK-akte en it Frysk-twaddegraads fan 'e Noardlike Hegeskoalle sintraler komme te stean. In goede en trochgeande learpandiskusje is needsaaklik om by de tiid te bliuwen en de takomst treast te wêzen, ek wat it hifkjen fan literatuer oanbelanget. Dêr wol ik yn de kommende paragraaf omtinken oan jaan.

(it twadde part komt yn it folgjende nûmer) ■